

Leardoelen

Troch de útlis en oefeningen yn dit katern:

- ...kin ik Fryske wurden yn it meartal sette, of ferlytse;
- ...kin ik de tiid wurden *kenne* en *kinne* brûke;
- ...kin ik wat oer myn gesin fertelle en sizze hoe't ik my fiel;
- ...ken ik mear Fryske wurden foar emoasjes en lichemsdielen;
- ...ken ik de wichtichste Fryske plaknammen, wêrûnder de alve stêden;
- ...kin ik fierder telle as 100 en wit ik wat rangtel wurden binne.

Door de uitleg en oefeningen in dit katern:

- ...kan ik Friese woorden in het meervoud zetten, of verkleinen;
- ...kan ik de werkwoorden *kenne* (*kennen*) en *kinne* (*kunnen*) gebruiken;
- ...kan ik wat over mijn gezin vertellen en zeggen hoe ik me voel;
- ...ken ik meer Friese woorden voor emoties en lichaamsdelen;
- ...ken ik de belangrijkste Friese plaatsnamen, waaronder de elf steden;
- ...kan ik verder tellen dan 100 en weet ik wat rangtelwoorden zijn.

Meartal en ferlytsing

Om fan ien nei mear te gean, sette wy wurden yn it **meartal (meervoud)**.

Ien manier om meartal te meitsjen, is troch der **-en** achter te plakken. Bygelyks:

- jas – jassen
- gebiet – gebieten (de t bliuwt)
- skoalle – skoallen (de e stie der al, dus der komt allinnich in n by)
- paad – paden
(tink derom: der falt in a fuort)
- ferslach – ferslaggen
(it koarte lûd bliuwt koart yn it Frysk!)
- hân – hannen
(it kapke falt fuort om't it lûd koarter wurdt)

In oare manier is mei in **-s**:

- hynder – hynders
- tekken – tekkens
- mûske – mûskes

As it wurd einiget op -ing, dan meist beide brûke:

- útfiering – útfieringen / útfierings

Der binne – lykas yn it Nederlânsk - ek **ûnregelmjittige** meartallen yn it Frysk.

In pear foarbylden:

- dei – dagen
- skoech – skuon
- ko – kij
- god – goaden

Guon wurden bliuwe yn it inkeltal en yn it meartal **gelyk**:

bern – bern, skiep – skiep

Ferlytsing

Asto sizze wolst dat wat lyts is, kin dat mei in ferlytsingswurdsje. Dy wurde yn it Frysk op ferskillende manieren makke:

Oan de iene kant hawwe wy de útgong -ke. Dy hearst ek faak yn Fryske foarnammen, lykas Tjitske of Eelke. Mar ek by:

- oere – oerke (de e falt fuort)
- stap – stapke
- fers – ferske
- bedriuw – bedriuwke
- auto – autoke

Oare wurden krije -je, -sje of -tsje. Bygelyks:

- bank – bankje
- flagge – flachje (de e falt fuort, dêrtroch feroaret gg yn ch)
- baarch – barchje (de a wurdt koarter!)
- himd – himdsje
- boarstel – boarsteltsje
- jonge – jonkje (de nk ferfangt de ng!)

Tink derom: soms feroaret in wurd trochdat it lytser makke wurdt:

skoech – skuontsje (en net skoechje!),
foet – fuotsje (en net foetsje!)

Ferlytsingswurdsjes krije yn it meartal altyd -s: oerkes, bankjes, jonkjes, ...



Opdracht 1 – Meartal

a. Set de ûndersteande haadwurden yn it meartal.

1. ear

2. faam

3. ankel

4. frou

5. gesin

6. pjut

7. tosk

8. each

9. âldere

10. hân



b. Sjoch nochris nei dyn antwurden by 1a en betink wat de inkel- en meartalsfoarmen yn it Nederlânsk wêze soenen. Ferskilt dat bot mei it Frysk? Hokker meartalsfoarmen binne hiel oars, neffens dy?

.....

.....

.....

.....



Opdracht 2 – Ferlytsing

- a. Ferlytsje de wurden en set se yn de goede kolom. Ast it goed dien hast, steane yn beide kolommen likefolle wurden.

tean – fuotbal – each – gitaar – gesin – hûs – freondinne – faam
jonge – tas – bigge – doarp – hynder – swimbad – noas – postdo

-ke	-(t)sje of -(k)je

- b. Wat moatst dwaan om al dizze wurden yn it meartal te setten?

.....



Opdracht 3 – Oefenje mei meartal, ferlytsing en telwurden (werhelling)

Besjoch de foto's en folje oan. Skriuw de telwurden folút.

a. **hûn**

Op de foto sjochst lytse

It duorret spitigernôch net sa lang, dan binne it grutte



b. **potlead**

Op de foto sjochst grutte

Ast in potlead faak slipest, wurdt it in lyts



c. **bern**

Op de foto sjochst grutte

Of binne it lytse neffens dy?



d. **sûkeladetaart mei flagge**

Op it lytse sûkelade..... stiet in in lyts

mei it sifer



Telle foarby de 100 + Rangtelwurden

Haadtelwurden

Yn klasse 1 hast leard hoe'tst telle kinst fan ien oant hûndert. Dy telwurden neame wy **haadtelwurden**. Se jouwe oan hoefolle oftst earne fan hast.

Oant hûndert hast al leard, en dêrnei is it in kwestje fan opnij begjinne, mar dan mei "hûndert" derfoar; hûndertien, hûnderttwa... twahûndertseis, fjouwerhûndertacht.

Sa kinst fierder oant en mei njoggenhûndertnjoggenennjoggentich, en dan komt ... **tûzen**! Dat is fansels 'duizend' yn it Nederlânsk, 1000. No kinst wol efkes foarút, of net? Tink der wol om dat nei 'tûzen' altyd in spaasje komt, bygelyks by it jiertal **twatûzen seisentweintich** (2026).

Rangtelwurden

In oar soart telwurden binne de **rangtelwurden**, dy't oanjouwe hoefolste oft eat of ien is, bygelyks by in wedstriid. Rangtelwurden makkest meastentiids troch -de of -ste achter it haadtelwurd te setten, mar by de leechste getallen is dat krekt wat oars:

1 = ien	1e = earste	7 = sân	7e = sande (kapke fuort!)
2 = twa	2e = twadde (dûbel d!)	8 = acht	8e = acht ste
3 = trije	3e = tredde	9 = njoggen	9e = njoggen de
4 = fjouwer	4e = fjirde	10 = tsien	10e = tsiende de
5 = fiif	5e = fyfde (koarte y!)	11 = alve	11e = alfde (v wurdt f)
6 = seis	6e = sechde	12 = tolv	12e = tolfde (v wurdt f)

13e oant en mei 19e krije **-de**; trettjinde, fjirtjinde, en sa fierder.

20e en heger (oant en mei 100e) krijt **-ste**; tweintich**ste**, seisentritich**ste**, hûndert**ste**.

En dêrnei is it wer gewoan "hûndert" derfoar! Hûnderttredde, hûnderttweintichste en sa fierder.

✱✱

Opdracht 4 – Telle (1)

a. Set dizze haadtelwurden oer nei it Frysk:

113

201

452

765

888

b. Set dizze rangtelwurden oer nei it Frysk:

25e

42e

58e

71e

111e



Opdracht 5 – Telle (2)

a. Set dizze haad- en rangtelwurden oer yn it Frysk:

85		15e	
1e		11	
301		97	
200		100	
15		8e	
22			

b. Folje no de Fryske haad- en rangtelwurden fan hjirboppe yn by ûndersteande sinnen.

1. Destêdetocht is in reedriderstocht fan hast kilometer.

2. De tocht begjint yn Ljouwert en de stop is yn Snits.

Dêr krijst dyn stimpel.

3. Omdat it waar it net altyd talit om de tocht te organisearjen,
is de tocht noch mar kear ferriden.

4. Der binne rayonhaden, dy't yn harren eigen regio ferantwurdlik binne
foar it yn 'e gaten hâlden fan it iis.

5. As de riders by Harns binne, binne se al goed oer de helte. Dat is de
stimpelpost en se hawwe dan al mear as..... km riden.

6. Yn 19 koene froulju foar it earst oan de tocht meidwaan as
wedstriidriders.

7. Yn 19 waard de en dêrmei ek de lêste edysje ferriden.

8. Oan de lêste edysje diene wedstriidriders mei.

Kinne en Kenne

Twa tiidwurden dy't wat oandacht fertsjinje binne kinne en kenne. Dy lykje fansels bot opinoar en wurde yn it praten dan ek in soad trochinoar brûkt. Faaks omdat de doetiid by beide tiidwurden gelyk is! Sjoch mar:

Kinne is Frysk foar 'kunnen'.

Kinne	Notiid	Doetiid	Mulwurd
ik	kin	koe	Ik ha kinnen
do	kinst	koest	
hy/sy/it	kin	koe	
wy/jim/sy/jo	kinne	koene(n)	

Kenne is Frysk foar 'kennen'.

Kenne	Notiid	Doetiid	Mulwurd
ik	ken	koe	Ik ha kennen
do	kenst	koest	
hy/sy/it	ken	koe	
wy/jim/sy/jo	kenne	koene(n)	

Tink derom: Wylst yn it Nederlânsk bygl. "hij *kent* mij al heel lang" seist, is dat dus yn it Frysk "hy **ken** my al hiel lang".



Opdracht 6 – Kinne en Kenne (1)

En no do! Kinsto de goede foarmen ynfolje sûnder op de kaart te sjen?

Kinne	Notiid	Doetiid	Mulwurd
ik			Ik ha
do			
hy/sy/it			
wy/jim/sy/jo			

Kenne	Notiid	Doetiid	Mulwurd
ik			Ik ha
do			
hy/sy/it			
wy/jim/sy/jo			

Psstt... Witst noch wol dat de doetiid by kenne en kinne gelyk is?



Opdracht 7 – Kinne en Kenne (2)

Folje it goede tiidwurd yn, yn de goede foarm! Betink dus: giet it hjir om kinne (kunnen) of kenne (kennen)?

a. Notiïd – folje de goede foarm fan kenne of kinne yn:

1. oanwize wêr't it sear docht?
2. Do hast it oer dyn buorman, mar dy ik net!
3. Mem, wy ek ris nei Starum ta?
4. Us heit bytiden sa lilk wêze.
5. Do Ypie net, mar ik bin fereale op har!
6. Sy elkoar om't se buorlju binne.

b. Doetiïd – folje de goede foarm yn en jou oan oft de sin oer kenne of kinne giet:

- | | | |
|--|-----------------------------|-----------------------------|
| 1. Dokter my gelokkich helpe. | ☐ kinne | ☐ kenne |
| 2. Ik ús foarige buorfrou net sa goed. | ☐ kinne | ☐ kenne |
| 3. jim elkoar al fan skoalle? | ☐ kinne | ☐ kenne |
| 4. Der wie in man dy'tsto net | ☐ kinne | ☐ kenne |
| 5. Wy yn 2023 net mei fakânsje. | ☐ kinne | ☐ kenne |
| 6. Do my net helpe mei myn pineholle. | ☐ kinne | ☐ kenne |

Tema 1: Minsken en Mienskip

Klasse 2

buor- (bgl. buorfrou)
 buorlju
 de húshâlding/it gesin
 gearstald gesin
 de jongerein
 jongere(n)
 âldere(n)

licheidsdielen

it liif/de lea
 de holle
 it ear
 it each/de eagen
 de noas
 de mûle
 de tosk
 it skouder
 de earmtakke
 de hân/hannen
 de rêch
 it ankel
 it kût
 de tean/teannen

emoasjes

fertrietlik
 lilke
 wurch
 min
 bliid
 lokkich
 fereale
 grutsk

buor- (bijv. buurvrouw)
 buren
 het gezin
 samengesteld gezin
 de jeugd
 jongere(n)
 oudere(n)

lichaamsdelen

het lijf
 het hoofd
 het oor
 het oog/de ogen
 de neus
 de mond
 de tanden
 de schouder
 de elleboog
 de hand/handen
 de rug
 de enkel
 de kuit
 de teen/tenen

emoties

verdrietig
 boos
 moe
 slecht
 blij
 gelukkig
 verliefd
 trots

Tema 1: Minsken en Mienskip

Klasse 2

Helpe en Betankje

Soesto my helpe kinne?
Kinst wat foar my dwaan?
Mei ik dy wat freegje?
Tankjewol!
Tige tank foar dyn help
Nee tank, dat hoecht net

Helpen en Bedanken

Zou je me kunnen helpen?
Kun je wat voor me doen?
Mag ik je wat vragen?
Dankjewel!
Heel erg bedankt voor je hulp
Nee bedankt, dat hoeft niet

Fertel oer dyn gesin

Us húshâlding bestiet út ...
Us famylje ...
Yn ús hûs wenje ...
Wy wenje mei ús ...
Kenne jo ús heit en mem?
Ik ken him al ...
Ik ken har net

Vertel over jouw gezin

Ons gezin bestaat uit ...
Mijn familie ...
In ons huis wonen ...
Wij wonen met zijn ...
Kent u mijn vader en moeder?
Ik ken hem al ...
Ik ken haar niet

Sis hoe'tsto dy fielst

Ik fiel my ...
Ik ha pine yn ...
Ik ha lêst fan ...
Hoe fielst(o) dy?
Hoe giet it mei dy?

Zeg hoe je je voelt

Ik voel mij ...
Ik heb pijn in ...
Ik heb last van ...
Hoe voel je je?
Hoe gaat het met je?

Mei my giet it goed/net goed.
Koe minder!

Met mij gaat het goed/niet goed.
Het gaat goed!



Opdracht 8 – Lichemsdielen

Jou de Fryske namme fan de lichemsdielen. Skriuw ek it lidwurd (de/it) derby.

1. In hoed set ik op
.....
2. Ik flústerje dy wat yn
.....
3. In sinnebril beskermet
.....
4. Ast ferkâlden bist, rint
..... leech.
5. Iten doch ik yn
.....
6. Kaugom kôgje ik mei
.....
7. Ik slingerje de tas om
.....
8. Myn earm kin bûge by
.....
9. Swaaie doch ik mei
.....
10. Ast nei de stjerren sjochst,
dan leist op
11. By it draven ferstûkte ik
.....
12. Ik knip de neilen fan de fingers en
.....





Opdracht 9 – Emoasjes

- a. Folje de goede emoasje yn. Kies út de neikommende Nederlânske wurden en folje dat yn it Frysk yn.

boos – verliefd – trots – slecht – blij – moe – verdrietig – gelukkig

1. Dieuwke siet mei har nije freon by in spannende film, mar se hat eins allinnich mar nei him sjoen, suver mei hertsjes yn 'e eagen.
2. Jan hie de Alvestêdetocht op 'e fyts yn in moaie tiid fytst. Hy wie nei de tiid fansels hiel en hat wol alve oeren sliept.
3. Doe't ús hûn foar de tredde kear in toffel stikken biten hie, bin ik hiel op him wurden.
4. It gie de ôfrûne wiken mar mei him, mar it liket no wer de goede kant op te gean.
5. Op myn jierdei krij ik altyd in lekkere taart. Dêr wurd ik fansels hiel fan.
6. Wy wiene mei fakânsje doe't ús beppe ferstoar. Wy binne tige nei hûs ta gien.
7. Op myn wurkstik ha ik in 8.5 helle. Dêr bin ik wol op!

- b. Do hâldst 1 emoasje oer. Meitsje sels in Fryske sin en ferwurkje dy oerbleaune emoasje deryn.



.....

Plaknammen

De alve stêden

Ljouwert
Snits
Drylts
Sleat
Starum
Hylpen
Warkum
Boalsert
Harns
Frjentsjer
Dokkum

Waadeilannen

Flylân
Skylge
It Amelân
Skiermûntseach

Doarpen

De Jouwer
It Hearrenfean
De Lemmer
De Gordyk
Sint Anne
Sint Jabik
Froubuorren

De elf steden

Leeuwarden
Sneek
IJlst
Sloten
Stavoren
Hindeloopen
Workum
Bolsward
Harlingen
Franeker
Dokkum

Waddeneilanden

Vlieland
Terschelling
Ameland
Schiermonnikoog

Dorpen

Joure
Heerenveen
Lemmer
Gorredijk
Sint Annaparochie
Sint Jacobiparochie
Vrouwenparochie

Eigen plaknammen (heart by in opdracht!):

.....	
.....	
.....	
.....	
.....	
.....	
.....	



Opdracht 10 – Oefenje mei plaknammen

a. Stêdekwis! Wier of net wier... witsto it?

- | | |
|---|-----------------|
| 1. Yn 754 is Bonifatius fermoarde yn Ljouwert. | Wier / Net wier |
| 2. Snits stiet bekend om har Wetterpoarte. | Wier / Net wier |
| 3. Drylts is de haadstêd fan Fryslân. | Wier / Net wier |
| 4. Sleat is lytste fan de alve stêden. | Wier / Net wier |
| 5. Starum lei eartiids oan de Sudersee. | Wier / Net wier |
| 6. Yn Hylpen wurdt in eigen dialekt praat. | Wier / Net wier |
| 7. Warkum leit yn it noarden fan de provinsje. | Wier / Net wier |
| 8. It ferneamde planetarium stiet yn Boalsert. | Wier / Net wier |
| 9. Fan Harns kinst mei de fearboat nei twa Waadeilannen ta. | Wier / Net wier |
| 10. Frjentsjer hie oait in universiteit. | Wier / Net wier |
| 11. Dokkum stiet bekend om har Juliana pipermuntsjes. | Wier / Net wier |

Hint: der binne 6 wier en 5 net wier.

b. Op jim wurdlist mei plaknammen is romte foar noch sân (Fryske) plakken. It is oan dy om dy plakken te betinken; folje de Nederlânske én Fryske namme yn, en skriuw hjirûnder wêrom'tst krekt foar dy plakken keazen hast. Bygelyks: Ik ha (plaknamme) opskreaun omdat: - ik dêr wenje - ik dêr berne bin - dy plakken yn ús gemeente lizze - ús pake en beppe dêr wenje - ik dêr ris in moaie fakânsje hân ha

.....

.....



c. Skriuw sa sân sinnen op mei dyn Fryske plaknammen deryn. Kontrolearje dyn wurk mei help fan frysker.nl.

.....

.....

.....

.....

.....

.....



Opdracht 11 – Plaknammen

- a. Werkenst dizze plaknammen, ek al stean alle letters trochinoar hinne? Besykje it mar ris.

	plaknamme		plaknamme
1. RETFERSJNJ		7. KODDUM	
2. LOTWJUER		8. LESAT	
3. NSTIS		9. TRASUM	
4. SNARH		10. PYLHEN	
5. SDYRLT		11. RUKMAW	
6. BLOATRES			

- b. Dit binne de alve stêden fan Fryslân! Set de nammen op it goede plak op de kaart

